

Tekst 1 Gefaarlike folkloare

- 1p 1 Wat is de funksje fan alinea 1?
A gearfetting
B konklúzje
C oanlieding
D probleemstelling
- 2p 2 Oer hokker ûnderwerpen wurdt der troch de betinkers eamele? Set dy ûnderwerpen, elk apart, ûnder elkoar.
- 1p 3 Wat is it ferbân tusken “De tredde ... nije details.” (r.1-13) en “Dy minsken ... te sizzen.” (r. 13-15)?
A ferlykjend ferbân
B konkludearjend ferbân
C opsomjend ferbân
D útlizzend ferbân
- 1p 4 Wêr ferwiist ‘Folkloare’ (r. 15) nei?
A de Betinking fan de Slach by Warns
B de Fryske saak
C de kleisangen fan de betinkers
D de Slach by Warns
- 1p 5 Oer hokker twa groepen minsken wurdt yn alinea 2 praat?
- 1p 6 Wat bedoelt de skriuwer mei “sa bliuwt de betinking fan de Slach by Warns in min besocht barren” (r. 43-45)?
A Der komme mar hûnderttûzen minsken op ôf.
B Der komme net folle Friezen op ôf.
C Der komme net folle ‘Fryske Bewegers’ op ôf.
D Der komt hielendal gjin jongerein op ôf.
- 1p 7 Wat wol de skriuwer dúdlik meitsje yn alinea 1-3?
A De betinkers fan de Slach by Warns kinne har better allinne mei folkloare dwaande hâlde.
B De betinkers fan de Slach by Warns wolle mear as allinne mar folkloare.
C De betinking fan de Slach by Warns hat sa net folle sin en dy kin dêrom better ferdwine.
D De betinking fan de Slach by Warns soe folle mear bydrage kinne oan it bewarjen en fersterkjen fan de Fryske taal en kultuer en it soe dêrom oars moatte.
- 2p 8 Hokker ferskil yn opstelling is der tusken it bestjoer fan de Stifting Slach by Warns en it bestjoer fan it Kristlik Frysk Selskip? Brûk net mear as 25 wurden.

- 1p 9 Wat wurdt bedoeld mei “it oarspronklike doel” yn r. 54-55?
A It bewarjen en fersterkjen fan de Fryske taal en kultuer.
B It omgoaien fan it roer.
C It organisearjen fan aktiviteiten foar de leden.
D It yn stân hâlden fan de feriening.
- 2p 10 Wol de skriuwer mei de tafoeging ‘fyftich’ (r. 59) de oantsjutting ‘manmachtich’ fersterkje, ôfswakje of allinne mar neier ynfolje?
Motivearje dyn antwurd mei it sitearjen fan in sin of in sinpart út de tekst.
- 1p 11 Fan watfoar soarte arguminten is sprake yn r. 61-64?
A autoriteitsarguminten
B emosjonele arguminten
C empiryske arguminten
D morele arguminten
- 1p 12 Alinea 6 is in konklúzje by de alinea’s 3, 4 en 5. Wêr is dy konklúzje benammen op baseard?
A ferliking en oerienkomst
B foar- en neidielen
C neidielen en gefolgen
D oarsaak en gefolch
- De skriuwer konstatearret, wat de Fryske Beweging oanbelanget, in tsjinstridichheid tusken teory en praktyk.
- 3p 13 Meitsje dat dúdlik. Brûk net mear as 25 wurden.
- 1p 14 Ta hokker tekstsoarte heart de tekst?
A riddenearring
B skôging
C útiensetting

Tekst 2 Kânsen genôch foar toerisme yn Fryslân

- De tekst kin ferdielt wurde yn twa parten.
- 2p 15 Mei hokker sin begjint it twadde part fan de tekst? Motivearje dyn antwurd. Brûk net mear as 25 wurden.
- 1p 16 Wat is it ferbân tusken “Soargen meitsje ... natoer genietsje.” (r. 19-24) en “Troch feroarings ... troch bouwurken.” (r. 25-30)?
A opsomjend ferbân
B redenjouwend ferbân
C tsjinstellend ferbân
D útlizzend ferbân

- 1p 17 Wat is it ferbân tusken “Dy steane ... it lânskip.” (r. 30-32) en “De kassebou ... foarbyld fan.” (r. 32-33)?
- A opsomjend ferbân
 - B redenjouwend ferbân
 - C tsjinstellend ferbân
 - D útlizzend ferbân
- “Dêr moat de provinsje foar oppasse.” (r. 34)
- 1p 18 Op hokker sin yn dy alinea slacht ‘dêr’ werom?
- 3p 19 Sitearje de sin dy’t de haadgedachte fan de tekst jout.

Tekst 3 Grut, grutter, grutst

- 1p 20 Wat wie de oanlieding ta it skriuwen fan dizze tekst? Brûk net mear as fiif wurden.
- 3p 21 Wat is it ferskil tusken it plan dat neamd wurdt yn alinea 1 en de plannen dy’t neamd wurde yn de alinea’s 4 en 5?
- 1p 22 Wat is it skriuwoel fan de tekst?
- A ynformearje
 - B oantrune
 - C oertsjûgje
- 1p 23 Soe Guido van Woerkom, de skriuwer fan tekst 2, mei de neamde plannen út tekst 3 út de fuotten kinne?
- A Ja.
 - B Nee.
 - C Net mei it plan dat beskreaun wurdt yn alinea 1, wol mei de plannen dy’t beskreaun wurde yn alinea 4 en 5.
 - D Wol mei it plan dat beskreaun wurdt yn alinea 1, net mei de plannen dy’t beskreaun wurde yn alinea 4 en 5.

Tekst 4 De weromgong fan de greidefûgelstân

- 15p 24 Meitsje in gearfetting fan de tekst “De weromgong fan de greidefûgelstân” yn maksimaal **150** wurden en behelje dêryn:
- it probleem;
 - de oarsaken neffens de ûnderskate partijen;
 - de konklúzjes fan it ûndersyk;
 - de reaksjes dêrop fan de ûnderskate partijen;
 - it foarstel fan oanpak.